

## Sjueryrapport Rink van der Veldepriis 2024



*Yn it midden mei de blommen de winner fan de Rink van der Veldepriis 2024  
Gerard Marcel de Jong*

*Lofts de sjueryleden Ammerins Moss-de Boer en Ans Wallinga, rjochts  
wethâlder kultuer fan de gemeente Smellingerlân Maria le Roi en sjuerylid  
Douwe de Bildt.*

*(foto: Berend Drent)*

Wa't in goed boek lêst, hoecht net op fakânsje, want de letters op de siden bringe jin nei de moaiste plakjes op de wrâld. Sûnder fertraging fan in fleantúch, sûnder yrritaasje oer in ferreinde dei, sûnder kloften toeristen dy't yn it paad steane ast krekt in foto nimme wolst fan in moai tafriël.

Ek yn it boek fan de winner fan de Rink van der Veldepriis wurde wy meinommen op reis, sawol in reis nei in prachtich plakje yn Baskelân, mar ek op in reis fan persoanlike ûntwikkeling, in reis lâns oantinken, eangsten, langstme en hope foar de takomst.

Gefoelens en ûntwikkeling wienen ûnderwerpen dy't wy as sjuery ek yn de oare 12 boeken tsjinkamen dy't ynstjoerd wienen foar de priis. Yn lange, koarte, spannende, grappige en emosjonele ferhalen joegen de skriuwers ús ynsjoch yn harren wrâld en de foarfallen dy't harren de ôfrûne jierren dwaande hâlden ha. Koroana kaam foarby, fansels. De haadpersonaazjes brochten ús as lêzers wer even werom nei dy ûnwisse tiden fan noch mar in pear jier ferlyn, mar dy't noch hieltyd sa'n útwurking hawwe op de hjoeddeiske maatskippij.

Ek de muoisume relaasje mei de meiminske, fan de buorlju foaroer, dy't harren eigen buorman nei in pear moannen ôfwêzigens net iens werkenne, oant meiminsken út oare kultueren, mei eigen gewoanten dy't meitsje dat se soms just mear lykje op ússels as wy tinke en ús in spiegel foarhâlde, kaam ek in pear kear werom. We waarden traktearre op moaie omskriuwingen fan de problemen dêr't minsken dan foar komme te stean, sa as diskriminaasje, ûnbegryp en sels djippe hate, mar ek de krêft fan de leafde – dy't (hast) altyd dochs oerwint.

Dit tema, gewoane minsken dy't te krijen hawwe mei tsjinslaggen, dy't it roaie moatte yn in wrâld dy't net altyd meiwurket, karakterisearret in soad romans – it is fansels in universeel tema – en is ek wat wy yn it wurk fan Rink van der Velde werom sjogge. Hy seach dus mei it lêzen oer it skouder mei. Us winner hawwe wy dan ek benammen basearre op it basiskritearium yn it sjueryreglemint: literêre kwaliteit kombinearre mei in tagonklike skriuwstyl, wêrtroch it boek oantreklik is foar in breed Frysk publyk.

Spitigernôch bliek, hoe graach de skriuwers it woenen, en hoe goed se ek harren bêst dienen, dat it skriuwen oer dit universele tema en it ôfleverjen fan in oantreklik boek dochs net sa maklik is. Net alle ferhalen oertsjûgen ús, wienen soms té klisjee, té opperflakkich of just te útwrydsk en rekken ús

ûnderweis folslein kwyt. Faker as ien kear wie ek ús konklúzje: wêr wie de redakteur? Dit hie sa'n moai boek wêze kind as der ien de skriuwer wat mear op it rjochte paad hâlden hie. Net allinnich op it ynhâldlike flak fan it ferhaal sels, mar ek wat taalbehearsking oanbelange, foelen in pear boeken ús echt tsjin.

Oer taal sprutsen, wy wienen wól te sprekken oer de fariaasje. Foar elke Fries út elke hoeke fan de provinsje wie der wol in boek by: der wienen boeken yn maklik en flot skreaun folks-Frysk oant boeken mei prachtige âlde geef-Fryske wurden en siswizen (dy't ek wy mei ús lêsunderfining noch wolris opsykje moasten), en ek wie der in haadrol foar it Liwwadders, Biltsk, Dútsk en eksoatysker talen. We hienen somtiden, mei de eagen ticht, echt it gefoel dat wy op fakânsje wienen.

Mar werom nei ús winner. In boek dat foar it grutste part tichter by hûs bliuwt. *Blau fan dagen, griis fan ônrust* fan Gerard Marcel de Jong. Syn earste roman, yn de taal fan syn hert, it Biltsk, en wat in debút! Fan de earste side ôf hie it boek ús yn de besnijing en allegearre liezen wy it yn ien sit út.

De haadpersoan Sierd Lautenbag is in Biltske keunstner dy't fêstrint troch en yn syn eigen sukses. We wurde meinommen yn skitterend beskreaune, kontrastrike sênes: fan it blasee publyk yn in Amsterdamske galery dat glês nei glês djoere sjampanje achteroer slacht nei de nofteren wrâld oan de Nye Dyk, dêr't nei de spaghetti in "koemechy fla" op tafel komt. Dy nofterens komt bygelyks nei foaren yn hoe't Sierd oer syn skilderijen praat: "Myn skilderijen motte't útainlik dos sels rooie in de wereld, der kin ik se niet bij helpe." In nofterens dy't hast trochkliemd wurdt troch defeatisme. It is al wól Sierd dit sukses hielendal net, mar wurdt it him troch de strôt treaun. "Hoe faker hij 't Bildtse lând skilderde, hoe minder horison d'r over leek te bliven."

It ferhaal nimt je mei nei it net ferwurke ferline fan Sierd. Soe dit de oarsaak wêze kinne fan syn (midlife)krisis? Hat er it libben fan syn heit – en dus ek datselde needlot – urven? Of kin er in eigen, oare takomst foar himsels kreëarje? Sierd wol him losmeitsje fan syn bertegrûn, “der is niks dat ik niet al sien hew”, hy hat him eins al lang losmakke, “hy waar allang ’n grûns over... waar d’r niet meer bij”, mar hy is ek slop, en slagget der pas yn om echt de knoop troch te hakken om fuort te gean, op reis nei it Baskelân, as syn frou him in ultimatum stelt. Mar dêr just is de hoarizon te grut en leit “de wereld inenen mar al te open”.

Dizze ynterne wrakseling sjogge wy yn alle personaazjes werom, en De Jong set minsken raak en mei in protte humor del. Oer Henk, de kammeraat fan Sierd, dy’t ek besocht hat te ûntsnappen oan It Bildt, mar dy’t dochs wer mei de sturt tusken de skonken werom komt, om’t er nearne oars hinne kin, skriuwt er: “Henk foelde him desimeerd; groate parten fan wie’t hij waar of docht weest te hewwen waren inenen weg, ferdwenen. ’t Leven had him te hyt wossen.” We sjogge it gewoan foar ús.

Ek haadstik trije oer de kat Oblomov is in peareltsje fan observearjend skriuwen. De oanrinkat docht neat oars as sliepe en yn Sierd’s atelier omhingje, en elkenien mei in kat werkent it gefoel dat Sierd krijt as de kat him oan sit te sjen: “’t Loie oog fan Oblomov keek him faak langer an as dat Sierd fernere kon. ’t Fernúvverde him dat ’t besy him sels met syn loie oog nag soa strak en priemend ankike kon. As hoefde hij niet eens echt moeite te doen; ’n min oog folston om Sierd ’n tik út te delen.” – as wol er sizze: Wêrom wist no noch hieltyd net watsto wolst?

It Baskelân wurdt skitterend beskreaun. En yn dit oare lân, mei in oare hoarizon, tinkt Sierd of men hjir ea oan wenne kinne soe, oan dizze omjouwing, dit útsicht – “Kinne je dut voor lief nimme?” Wa hat dit net ris fersuchte op fakânsje? In wiere “feroaring fan lucht”... Mar tagelyk komt dan ek de langstme op nei “thús”.

Pas as dan de lêste fysike bân mei it ferline trochsnijd wurdt, mei de dea fan syn mem, fielt Sierd him frij, befrijd. En no leit de wrâld *echt* foar him iepen. Wat er dermei dwaan sil? Wa wit sil De Jong ús dat noch fertelle... Mar *Blau fan dagen*... is in boek dat je faker lêze sille. En dat seit genôch.

*Ammerins Moss-de Boer, Ans Wallinga, Douwe Klaas de Bildt*

